



# HUSKE OAN SEE

**Klucht yn trije bedriuwen**

**troch**

**HENK ROEDE**

**Foar it Frysk oerset troch**

**Lammert Dijkstra**

**TONEELUITGEVERIJ VINK B.V.**

**Tel: 072 - 5 11 24 07**

**E-mail: [info@toneeluitgeverijvink.nl](mailto:info@toneeluitgeverijvink.nl)**

**Website: [www.toneeluitgeverijvink.nl](http://www.toneeluitgeverijvink.nl)**

## VOORWAARDEN

Alle amateurverenigingen die het stuk: **HUISJE AAN ZEE** gaan opvoeren, dienen in alle programmaboekjes, posters, advertenties en eventuele andere publicaties de volledige naam van de oorspronkelijke auteur: **HENK ROEDE** te vermelden.

De naam van de auteur moet verschijnen op een aparte regel, waar geen andere naam wordt genoemd.

Direct daarop volgend de titel van het stuk.

De naam van de auteur mag niet minder groot zijn dan 50% van de lettergrootte van de titel.

U dient tevens te vermelden dat u deze opvoering mag geven met speciale toestemming van het I.B.V.A. Holland bv te Alkmaar.

**Copyright: © 2021 Anco Entertainment bv - Toneeluitgeverij Vink bv**

**Internet: [www.toneeluitgeverijvink.nl](http://www.toneeluitgeverijvink.nl)**

**E-mail: [info@toneeluitgeverijvink.nl](mailto:info@toneeluitgeverijvink.nl)**

Niets uit deze uitgave mag verveelvoudigd en/of openbaar gemaakt worden door middel van druk, fotokopie, verfilming, video opname, internet vertoning (YouTube e.d.) of op welke andere wijze dan ook, zonder voorafgaande schriftelijke toestemming van I.B.V.A. HOLLAND bv te Alkmaar, welk bureau in deze namens de Uitgever optreedt.

Het is niet toegestaan de tekst te wijzigen en/of te bewerken zonder voorafgaande schriftelijke toestemming van I.B.V.A. HOLLAND bv te Alkmaar, welk bureau in deze namens de Uitgever optreedt.

Vergunning tot opvoering van dit toneelwerk moet worden aangevraagd bij het Auteursrechtenbureau **I.B.V.A. HOLLAND bv**

Postbus 363

1800 AJ Alkmaar

Telefoon 072 - 5112135

Website: [www.ibva.nl](http://www.ibva.nl)

Email: [info@ibva.nl](mailto:info@ibva.nl)

ING bank: 81356 – IBAN: NL08INGB0000081356 BIC: INGBNL2A

**Geen enkele andere instantie dan het IBVA heeft de bevoegdheid genoemde rechten van u te claimen, of te innen.**

Auteursrechten betekenen het honorarium (loon!) voor de auteur van wiens werk door u gebruik wordt gemaakt!

Auteursrechten moeten betaald worden voor elke voorstelling, dus ook voor try-outs, voorstellingen in/voor zorginstellingen, scholen e.d.

### **Vergunning tot opvoering:**

1. Aankoop van minimaal **10** tekstboekjes bij de uitgever.
2. U vult het aanvraagformulier in op [www.ibva.nl](http://www.ibva.nl) of u zendt de aanvraagkaart (tevens bewijs van aankoop), met uw gegevens, naar I.B.V.A. Holland. Uw aanvraag dient tenminste **drie weken voor de eerste opvoering** in bezit te zijn van I.B.V.A. Holland.
3. U krijgt daarop de nota toegestuurd. Na betaling wordt u de vereiste vergunning toegestuurd.

### **Vergunning tot HER-opvoering(en):**

1. U vult het aanvraagformulier in op [www.ibva.nl](http://www.ibva.nl) of u zendt de aanvraagkaart met uw gegevens naar I.B.V.A. Holland. Uw aanvraag dient tenminste **drie weken voor de eerste opvoering** in bezit te zijn van I.B.V.A. Holland.
2. U krijgt daarop de nota toegestuurd. Na betaling wordt u de vereiste vergunning toegestuurd.

**Opvoeringen zonder vergunning zijn niet toegestaan en strafbaar op grond van de Auteurswet 1912. Zij worden gerechtelijk vervolgd, terwijl de geldende rechten met 100% worden verhoogd. Het tarief wordt met 20% verhoogd voor opvoeringen waarvoor geen toestemming werd aangevraagd binnen drie weken voorafgaand aan de voorstelling.**

**Het is verboden gebruik te maken van gekregen, geleende, gehuurde of van anderen dan de uitgever gekochte tekstboekjes.**

**Rechten BELGIË: Toneelfonds JANSSENS, afd. Auteursrechten,  
Te Boelaerlei 107 - 2140 Bght ANTWERPEN Telefoon (03)3.66.44.00.  
Geen enkele andere instantie heeft de bevoegdheid genoemde rechten van u te claimen, of te innen.**

## **PERSOANEN:**

Jaap - In trochsnee, boargerlik mantsje dat ûnder it plak sit by syn frou Ellen.

Ellen - Húslik, boargerlik typke, mei smeteangst.

Thomas - Frije fûgel, man fan 'e wrâld, mei in iepen 'mind'. Hat in relaasje mei Fiona.

Fiona - Timperamintfol, keunstsinnich, kommunisearret mei in protte leven.

Bertha (kin ek as Bert) - Eigneresse fan it fakânsjepark. Bazich type, mei in tekoart oan sosjale feardigens. (as frou hiel manlik, as man hiel froulik)

Peter - Skruten, fielt him gau ûngemaklik. Libbet in strak libben, mar wol graach wat lossen libje. Troud mei Lea.

Lea - Frou dy't ek al fêst sit yn har strakke libben, en snakt nei feroaring. Wie yn har jeugd folle frijer.

Mem - De mem fan Lea. Is heal blyn. Kriget dêrtroch alles mar heal mei, wylst se hiel nijsgjirrich is.

Gerard - In entûsjaste fakânsjegonger.

Trudy (kin ek as Rudy en as dûbelrol mei Bertha/Bert) - Aktiviteitebegelieder op it fakânsjepark.

## **YNRJOCHTING FAN IT TOANIEL:**

It toanielstik spilet him ôf yn twa fakânsjewennings. De yndieling fan de beide wennings is hast identyk. It ferskil ûntstiet trochdat it efterlewant 2 of 3 omdraaibere platen hat. Troch dy platen om te draaien kinne it behang en de skilderijkes of sokssawat “feroare” wurde. De doar-, rútyndieling en ynrjochting binne fierders identyk foar beide wennings.

## **YNDIELING:**

Midden in foardoar, linker side in sliepkeamerdoar en in doar nei de baaikeamer. Rjochterside in sliepkeamerdoar en in kastdoar. Fierders stiet der in ienfâldich keukenblokje yn in hoeke en in ythoeke en in sithoeke.

## EARSTE BEDRIUW

*(Bertha, Jaap en Ellen komme op troch de foardoar. Jaap en Ellen hawwe elk in koffer yn 'e hân)*

**BERTHA:** *(noartsk)* No, dit is it dan!

**JAAP:** Wat in alleraardichst húske of net, Ellen!

**ELLEN:** Ja, echt wol Jaap, en de rest fan dit fakânsjepark ek! Wat in moai park en sa ticht by it strân!

**JAAP:** Krekt. *(tsjin Bertha)* Mar we hawwe dochs útsjoch op see?

**ELLEN:** Ja, dat is ús oan de tillefoan tasein, mar we sitte hjir hielendal tusken de dunen. *(Bertha rint nei in rût en lûkt in gerdyn oan 'e kant)*

**BERTHA:** Sjogge jo dat reklameboerd dêr?

**JAAP:** Eh... ja... Camping Duinzicht.

**BERTHA:** En wat is de earste letter op dat boerd?

**ELLEN:** *(ferstuivere)* C...

**BERTHA:** Krekt! Utsjoch op C! Ik sil noch efkes in rûnlieding jaan. *(giet midden op it toaniel stean en wiist alles oan)* Sliepkeamer dêr, sliepkeamer dêr, baaikeamer dêr, dêr in kast, keuken hjir en wenkeamer ek. No, mear is der net, in protte wille tawinske! Dêr is de doar en dêr gean ik no trochhinne!

**ELLEN:** En as der wat is, dan kinne we skilje?

**BERTHA:** Ja hear, jo kinne altiten skilje. As it mar net nei my is.

**JAAP:** Mar jo binne hjir dochs de manager?

**BERTHA:** Nim no mar fan my oan, swierrichheden losse harren fansels op. Oer in wike binne jim wer fuort, datte ... probleem oplost! Dan is it ûnsin om my foar dy tiid te skiljen. Sa, noch mear fragen? *(Ellen en Jaap wolle noch wat sizze, mar se krije de kâns net)* Net dus, no, oant sjen!

**JAAP:** Betanke menear. *(Bertha draait har noch even om, snúft. Jaap ferûntskuldigjend)* Mefrou bedoel ik! Sei ik menear? *(sjocht Ellen helpleas oan)*

**ELLEN:** Ja, dat seist.

**JAAP:** Toe no! Oan dy haw ik ek neat!

**JAAP:** Ik bedoelde dus: Betanke menea... mefrou! (*Bertha grommet nog ris en rint dêrnei it poadium ôf fia de foardoar en lit Ellen en Jaap fernuvere efter*)

**ELLEN:** No ja sis...

**JAAP:** Wol wat koart fan stof. Mar wat kin ús dat skele! Nammerste mear tiid foar ús om fan ús wolfertsjinne fakânsje te genietsjen!

**ELLEN:** Krekt, dêr wiene we wol oan ta.

**JAAP:** Jawis. It is ek al sa lang lyn dat we op fakânsje west hawwe. It sil ús grif goed dwaan. Want Ellen, we witte beide dat it de lêste tiid net mear sa lekker rint tusken ús ...

**ELLEN:** Ja Jaap, dat bringst my alle dagen yn 't sin. We sille wol sjen hoe't rint. Mar ik wurdearje it wol yn dy Jaap, datsto my ferrast hast mei dizze fakânsje. Al is it ek de earste spontane aksje dy'tst yn de ôfrûne fiif jier dien hast.

**JAAP:** Ja ja, en dat hoechsto my dan wer net alle dagen yn 't sin te bringen ... Kom, lit ús no gewoan fan dizze fakânsje genietsje!

**ELLEN:** Ja, goed. (*is wilens de kast yndûkt en komt derút mei skjinmakspullen*) Oan 'e slach!

**JAAP:** Oan 'e slach?!

**ELLEN:** Ja Jaap, de boel moat earst skjin!

**JAAP:** Earst as we fuort geane, dan moatte we it skjin opleverje!

**ELLEN:** Ik wol it earst allegearre skjin hawwe, foar't ik rêstich fan myn fakânsje genietsje kin! Wa wit wat hjirfoar allegearre bard is. En oan 'e ein fan 'e wike meitsje we it dan wol wer skjin.

**JAAP:** Dat hawwe de foargeande hierders ek dien. Dy moasten it like goed skjin opleverje.

**ELLEN:** Skjin? (*synysk*) Ik haw wol wat hegere easken oan wat skjin is as de measte minsken!

**JAAP:** (*yn himsels*) Fertel my wat ...

**ELLEN:** Ik begjin mei de baaikeamer te skrobjen en dan stofsûgesto de sliepkeamer.

**JAAP:** Hokker? Der binne twa.

**ELLEN:** Doch earst dy mar! (*wiist nei sliepkeamerdoar links*)

**JAAP:** Earst? We hoege mar ien sliepkeamer te brûken, dan hoecht ek mar ien skjin.

**ELLEN:** Nee, we meitsje beide skjin!

**JAAP:** Wêrom?

**ELLEN:** Omdat, asto sa trochgiest, wy elk yn ien derfan sliepe!

**JAAP:** No no, rêstich mar. *(sjokt mei in stofsûger yn 'e hân nei sliepkeamer links)* Ik wist net datst lulk waardst ... *(Ellen lûkt ûnderwilens de baaikeamerdoar iepen)*

**ELLEN:** No ja sis! Wat is dit? *(Jaap, dy't krekt de doar fan de sliepkeamer links iepen dwaan wol, draait him om en rint nei Ellen ta)*

**JAAP:** Wat is der?

**ELLEN:** *(troch de baaikeamerdoar stapt)* Do mei dyn dat de foargeande bewenners alles al himmele hawwe! Moatst dit sjen! *(komt mei in seksy BH de baaikeamer út)*

**JAAP:** Tsja... dy is net fan dy...

**ELLEN:** Nee, echt net! Ik draach net fan dat sletterige spul!

**JAAP:** Fertel my wat...

**ELLEN:** No, ik romje al dy binde yn 'e baaikeamer op. En do giest dêr yn dy sliepkeamer oan 'e slach. *(stapt de baaikeamer wer yn)* Wat in rotsoai hjirre. Se hawwe alles stean litten! Toskboarstels, handoeken! *(Jaap slofket wer nei de sliepkeamerdoar links)* Hooplik is der net safolle rotsoai yn dy sliepkeamer efterbleaun. *(Jaap docht de sliepkeamerdoar links iepen. der is in gjalp te hearren en Jaap slacht fuortdaliks de doar wer ticht en bliuwt sprakeleas stean)* Is it sa'n binde datst der fan raze moetst, Jaap? *(sliepkeamerdoar links giet iepen en Fiona komt op yn in seksy badjas)*

**JAAP:** Binde soe ik it net neame ... *(komt in gniis op syn gesicht)*

**FIONA:** Wat hat dit hjir te bestsjutten?

**JAAP:** Tsja... eh...

**ELLEN:** Sitst wer yn dysels te praten, Jaap? Do witst wat de dokter dêroer sein hat!

**JAAP:** Ja, fertel my wat ... *(Thomas komt ek yn in badjas op fia de sliepkeamerdoar links, wylst er op ien skonk hinkelet om syn sokken oan te lûken)*

**THOMAS:** Wa is dy gast? *(Ellen komt op út de baaikeamer wei mei in jiskepûde fol spullen)*



**FIONA:** Wy binne hjir noch mar krekt! De himmelploech hoecht no dochts noch net oan 'e slach?!

**ELLEN:** Wat dogge jim yn ús húske?

**JAAP:** No, se wiene dêr op dat bêd oan it ... (*makket wat meneuvels*)

**ELLEN:** Krammele Jaap, dat hoech ik net te witten!

**JAAP:** Wêrom fregest it dan?

**FIONA:** Us húske? Us húske (*wiist nei harsels*) silst bedoele!

**ELLEN:** Wy binne hjir krekt troch dy menear ...

**JAAP:** 't Wie in mefrou, Ellen ...

**THOMAS:** Bin jim dêr wis fan?

**ELLEN:** Goed: wy binne troch dy mefrou hjir brocht en dit wie US húske. Dat sei se dúdlik. Dochts, Jaap?

**JAAP:** No... eh...sei se it sa? (*krijet in dúst fan Ellen*) Ja, ja! Dat sei er ... se! sy sei dat!

**THOMAS:** Dat liket my sterk. Dy menear ...

**FIONA:** 't Wie echt in frou, hear...

**THOMAS:** ...dy mefrou hat ús hjir brocht en dit wie ús húske. Mar wachtsje, ik skilje har gewoan even. Dit liket my in misferstân en dat moat hy ...

**FIONA:** Sij!

**THOMAS:** Sij moat it mar oplosse!

**ELLEN:** Goed idee! (*Thomas pakt syn mobyltsje, tikket in nûmer yn en hâldt de tillefoan by it ear. ynienen wurdt de foardoar iepenskuord en Bertha komt deryn*)

**BERTHA:** Jo hiene skille?

**THOMAS:** (*sjocht ferheard nei syn tillefoan*) Mar ... mar ...

**JAAP:** Dat is wol in hiel flugge service.

**BERTHA:** No, wat is der te rêden? Oanmeitsje do, ik haw net in soad tiid. Ik moat sa nei de skjintmespesjaliste!

**JAAP:** Ja, en dan binne jo nei alle gedachten de earste oeren ... of dagen ... net te berikken.

**ELLEN:** Wy binne niiskrekt troch jo nei dit húske brocht, mar we binne hjir net allinnich. Dizze twa minsken wiene hjir al!

**THOMAS:** Yndied, jo hawwe ús in oere lyn al nei dit húske brocht.

**BERTHA:** Ja, dat kin wol útkomme. Wat is it probleem dan?

**ELLEN:** Wy wolle gewoan in húske foar ús twaen. Dat is dochs logysk.

**BERTHA:** Hawwe jo beide fia extravoordeligevakantiesdiebijna nietskosten.nl boekt?

**FIONA:** Eh... ja, ik tink it wol ...

**JAAP:** Jawis, wie in tige skerpe priis.

**BERTHA:** Ja, en dan krije je dit. Dan krije je in fjouwerpersoans húske, datst mei twa oaren diele moatst. Stie yn de lytse letterkes! No klear! It bêste! Ik naai út! *(draait har resolút om en stampt de foardoar út)*

**ELLEN:** No ja sis! In húske diele.

**FIONA:** Och, wy diele wolris faker wat *(sjocht Thomas skarlunich oan)* of net Thomas?

**THOMAS:** *(gnysket)* Tsjaaa....dat is sa ...

**ELLEN:** Ik bin net sa fan it dielen, hear. Anst alles smoarch!

**THOMAS:** Ja... dan kin der wolris wat smoarch wurde ...

**JAAP:** Mar wat wolst dan? Wy hawwe de fakânsje al betelle en foar dat jild hawwe we lang en hurd wurkje moatten. Dat krije we net sa wer werom.

**FIONA:** Dan betellest dochs wat by foar in húske foar jimsels?

**ELLEN:** Ja lekker is dat! Wy bybetelje foar in oar húske, sa't jimme mei jim twaen sitten bliuwe kinne, tsjin it extravoordeligevakantiesdiebijnanietskosten.nl taryf.

**THOMAS:** Dan dogge wy net lestich, en dan freegje wy wol om in oar húske. En betelje wy wol wat by.

**ELLEN:** Ja lekker is dat! *(betinkt har ynienen)* Ja, dat soe wol lekker wêze.

**JAAP:** *(sjocht fol langstme nei Fiona)* Bliuwe ek wol, hear...

**THOMAS:** Ik skilje fuortdaliks dy men ... mefrou wol! *(Thomas pakt wer de tillefoan, mar kin noch net iens in nûmer yntikje oft de foardoar swaait alwer iepen en Bertha stampt der wer yn)*

**BERTHA:** Alle húskes binne fierder beset. *(Bertha draait har om en de doar slacht wer ticht)*

**THOMAS:** *(ferbjustere)* Ik hie noch net iens it nûmer yntikke ...

**FIONA:** Kom op jonges, alle húskes binne dus fol, dat dan moatte we it oars dwaan. We kinne der dochs wat aardichs fan besykje te meitsjen mei ús fjouweren? Wy hawwe allegearre hurd wurke dit jier om dizze fakânsje fiere te kinnen. Dan moatte we dat ek dwaan.

**JAAP:** Fyn ik ek. Ellen, we sille fan dit stuit ôf genietsje fan de fakânsje! *(mar sjocht nei Fiona)*

**ELLEN:** Oké. *(lit it wat besinke)* Mar dan moat earst wol dit hiele hûs skjin.

**FIONA:** Hûs skjin?

**JAAP:** Doch no mar wat se seit, oars wurdt it in lange wike. *(Muzykje klinkt en elkenien wurdt – mei tsjinsin – gau oan it wurk set troch Ellen. De beide pearkes ferdwine dêrnei elk yn harren sliepkeamer)*

### ***Panelen wikselje, sa't it oare húske ûntstiet.***

*(Bertha, Peter en Lea komme op troch de foardoar. Peter en Lea hawwe elke in koffer yn 'e hân. Muzykje hâldt op)*

**BERTHA:** *(noartsk)* No, dit is it dan!

**LEA:** Wat in alderaardichst húske , of net Peter?

**PETER:** Och, giet wol. Wol wat lyts...

**LEA:** Dat falt dochs hartstikke ta, en sjochris, wat in útsjoch! *(wiist nei it publyk)*

**PETER:** *(sjocht oandachtich)* Mwah, moatst fan hâlde... Wurd ik net fuort fleurich fan ... Mar we hiene dochs útsjoch op see?

**LEA:** Ja, dat is ús oan de tillefoan tasein, mar we sitte hielendal tusken de dunen. *(Bertha rint nei in rût en lûkt in gerdyn oan 'e kant)*

**BERTHA:** Sjogge jo dat hokje dêr tusken dy karavans, dêr fierderop, op dat fjildsje?

**LEA:** Eh... ja... yndied.

**BERTHA:** En wat stiet der op it boerd op it dak?

**LEA:** *(ferstuivere)* W... C...

**BERTHA:** Krekt! Utsjoch op C! Ik sil noch even in rûnlieding jaan.  
(*giet midden op it toaniel stean en wiist alles oan*) Sliepkeamer dêr, sliepkeamer dêr, baaikeamer dêr, dêr in kast, keuken hjir en wenkeamer ek. No, mear is der net, in soad wille. Dêr is de doar en dêr gean ik no trochhinne.

**PETER:** Geane jo no alwer fuort?

**BERTHA:** Fansels, nammerste langer kinne jo fan de fakânsje genietsje, Want leau my, mei my derby is it gjin genietsjen! Aju!

**PETER:** We kinne jo fine by de baalje?

**BERTHA:** Sykje wol, mar fine is noch mar de fraach. In soad wille tawinske. (*draait har om en skonket de foardoar út*)

**LEA:** (*sjocht om har hinne*) No, wat aardich sis. Ik tink dat it ús goed dwaan sil, Peter, sa'n fakânsje. Even dyn wurk efter dy litte.

**PETER:** Jaja.

**LEA:** We witte beide datst fierstente folle opgiest yn dyn wurk. En lit ús earlik wêze, dat hat wol syn ynfloed op ús relaasje!

**PETER:** Och, giet dochs noch wol goed.

**LEA:** Kom op Peter, do sjochst hast net mear nei my om. Witst noch hoe't it wie, doe't we beide noch studearren? O, wat wie dat in wylde tiid. En no? It is in deade boel oan it wurden.

**PETER:** Tiden hawwe tiden en ek wy binne feroare, Lea ...

**LEA:** No, ik net hear! Mar by dy is de passy foar my oergien yn passy foar dyn wurk.

**PETER:** Ik haw wichtich wurk, Lea. Minsken rekkenje op my. Do tinkst tefolle oan dysels!

**LEA:** Goed, lit ek mar, we hawwe it der letter noch wol oer. Wy sille no earst genietsje fan ús húske. En fansels fan ús fierdere plannen. Ja, lang om let fakânsje!

**PETER:** Mar earst de auto even útpakke. Dat is ek noch in hiel getôch.

**LEA:** Helje earst it grutte spul der mar út en smyt dat hjir mar op de bank del. Romje we it daliks wol op.

**PETER:** Goed idee! (*Peter giet ôf fia de foardoar*)

**LEA:** Soa, ris efkes sjen hoe't de keamers derút sjogge. Wat spannend, foar 't earst sûnt ús trouwen op fakânsje. Wol wat oars as eartiids, doe't we al liftend hiel de wrâld oer reizgen, mar

fakânsje is fakânsje. (*Lea rint de sliepkeamerdoar links troch*)  
Bêst grut noch. Moaie bêden sis! Dêr kinst moaie dingen op  
dwaan, alhoewol't dat foar Peter dan allinne mar sliepen ynhâldt.

(*wilens komt Peter fia de foardoar op en tûget Mem mei*)

**PETER:** Op 'e bank?

**LEA:** Ja, smyt mar op 'e bank! (*Peter smyt Mem mei in jûchhei op de  
bank, wêrtroch't dy der mei de skonken omheech op komt te  
lizzen. Peter kloppet syn hannen ôf*)

**PETER:** En de rest?

**LEA:** Smyt der mar gewoan boppe op! Sykje we it aanst wol út.

**PETER:** Prima! (*Peter giet ôf fia de foardoar en Lea komt op*)

**LEA:** Mem! Wat is der bard?

**MEM:** Bern, gjin idee! Mar ja, ik sjoch ek hast neat mear. En fan  
jimme mei ik ek net sa'n blinehûn.

**LEA:** Mem, dat is alhiel net nedich. Ynkoarten kinst terjochte yn it  
sikehûs foar in staaroperaasje en sjochst alles wer. Sa net, bist  
hartstikke allergysk foar hûnen.

**MEM:** Binne we no yn dat húske?

**LEA:** Ja mem, we binne der. 't Is echt in hiel moai húske. Haw noch  
nea earder sa'n moai fakânsjehúske sjoen.

**MEM:** Nee, ik ek net. Misskien nei de operaasje wol, mar no even  
net. Rûkt wol lekker nei de bosken.

**LEA:** We sitte oan see...

**MEM:** Ferdoarje, myn noas ek noch stikken.

**LEA:** Mem, we meitsje der gewoan wat moais fan. Gesellich dochs,  
sa yn sa'n húske?

**MEM:** Hie my net útmakke, hear, haw thús itselde útsjoch ... (*Peter  
komt deryn mei koffers en al sa mear en smyt dat mei in jûchhei  
boppe op mem op 'e bank*)

**LEA:** Wat dochst no!

**PETER:** Smyt it mar op 'e bank, seisto.

**LEA:** Dochst net boppe op ús mem! (*sûnderje harren ôf*) Peter, sa  
ken ik dy net, Sa giest yn dyn wurk dochs ek net om mei de  
minsken?

**PETER:** Yn myn wurk moat ik my altiten mar ynhâlde. Witsto wol hoe dreech dat is? Somtiden slagget it my gewoan net mear.

**LEA:** Goed, mar besykje dochs wat rêstiger te dwaan. Tink der om, in pear dagen fakânsje en do fynst dyn rêst wer.

**PETER:** Hoe moat dat dan? Mei jim mem derby? Wêrom moast sy sa nedich mei op fakânsje.

**LEA:** Oars sit se mar wat allinnich thús. We moatte wol wat om har tinke, Peter. Se sjocht neat mear.

**MEM:** Mar oan myn earen mankearret neat, hear! *(Peter en Lea rinne noch in stikje fierder by mem wei)*

**PETER:** We hiene plannen foar dit wykein. No ja, winliken mear: do hiest plannen foar dit wykein, om ús houlik der wer boppe-op te helpen! Om it allegearre wat spannender te meitsjen. Mar no is jim mem derby. In bettere antykonsepsje kinst net hawwe!

Als u het hele stuk wilt lezen dan kunt u via [www.toneeluitgeverijvink.nl](http://www.toneeluitgeverijvink.nl) de tekst bestellen en toevoegen aan uw zichtzending.

Voor advies of vragen helpen wij u graag.

 [info@toneeluitgeverijvink.nl](mailto:info@toneeluitgeverijvink.nl)

 072 5112407

**TONEEL**  
**UITGEVERIJ**  **INK**

**“Samenspelen” is ons motto**